

### **Doelstellingen Tomke-project**

Tomke bestaat inmiddels 17 jaar en is een begrip in de provincie Fryslân. Het doel van het project is (Tomke-Wurkgroep, 2011):

*“Het Tomke-project heeft als doel de Friestalige leescultuur die kinderen in de voor- en vroegschoolse leeftijd omgeeft te bevorderen om uiteindelijk de taalontwikkeling en het leesgedrag van de kinderen te stimuleren, in zowel het Frysk als het Nederlands” (p. 4).*

Een van de belangrijkste opdrachten voor het Tomke-project is het ontwikkelen en aanbieden van Friestalig materiaal dat in een tweetalige (Fries- en Nederlandstalige) vroeg- en voorschoolse omgeving gebruikt kan worden. Door de jaren heen zijn er veel verschillende materialen gemaakt rond het identificatiefiguurtje Tomke. Er worden bovendien niet alleen materialen en activiteiten ontwikkeld die alleen voor jonge kinderen bedoeld zijn, ook ouders en leidsters worden op allerlei manieren geïnformeerd over hoe Tomke het beste ingezet kan worden. Het Tomke-aanbod is verspreid over het gehele jaar, om op die manier goed aan te kunnen sluiten bij de actualiteit en landelijke activiteiten rondom taalontwikkeling (Nationale Voorleesdagen, Kinderboekenweek, etc.) en bij de landelijke VVE-methoden die in de kindercentra worden gebruikt.

### **Aanleiding tot onderzoek**

De werkgroep CAG-Voorschools (Coördinatie- en Adviesgroep Fries Vroeg- en Voorschoolse Educatie) geeft aan dat Friese educatieve materialen, zoals in het Tomke-project, onmisbaar zijn voor de uitvoering van een taalbeleid gericht op een twee- of meertalige ontwikkeling.

Uit de provinciale beleidsnotities ‘Boppeslach’ (Provincie Fryslân, 2006) en ‘Grinzen oer’ (Provincie Fryslân, 2012) blijkt dat de provincie Fryslân het belangrijk vindt dat jonge kinderen, hun ouders en leidsters van kindercentra in aanraking kunnen komen met de Friese taal en dat die doelstelling door onder andere het Tomke-project wordt behaald.

Continuering van het project is belangrijk en het Tomke-project wordt gefinancierd door de provincie Fryslân, maar bepaalde Tomke-activiteiten worden vanuit de onderwijsnota Boppeslach gefinancierd. Per 2016 stopt deze provinciale financiering voor een deel en zullen er andere manieren gevonden moeten worden om geld te krijgen voor de hiervoor bedoelde activiteiten van het project.

Vanuit de CAG-Voorschools en de Tomke-werkgroep kwam daarom de vraag naar een inventarisatieonderzoek over het gebruik van Tomke, met als doel te achterhalen aan wat voor aanvullend materiaal nog behoefte is en op welke manier dit toegevoegd zou kunnen worden aan het Tomke-project (De Boer & Hoekstra, 2012).

De onderzoeksvraag die geformuleerd is in dit onderzoek luidt:

*Op welke manier wordt Tomke ingezet in de kindercentra in de provincie Fryslân en welke behoeftes zijn er nog voor de toekomst?*

Vanuit deze centrale onderzoeksvraag zijn verschillende deelvragen opgesteld:

*Welke doelgroep maakt (het meeste) gebruik van Tomke-materialen?*

*Welk aanbod van Tomke-materialen wordt gebruikt in de kindercentra?*

*Hoe worden de Tomke-materialen ingezet in kindercentra door professionals?*

*Waarom wordt het Tomke-materiaal gebruikt in de kindercentra?*

*Waar is nog behoefte aan in de toekomst?*

### **Onderzoeksgroep**

In november 2013 staan er in de provincie Fryslân 203 peuterspeelzalen en 209 kinderdagverblijven geregistreerd bij het Landelijk Register Kinderopvang en Peuterspeelzalen (LRKP) (Rijksoverheid, 2013a). In totaal zijn er 412 geregistreeerde kindercentra in de provincie

Fryslân. Hiervan zijn er zo'n 150 Friestalige en/of tweetalige aangesloten en gecertificeerd bij het SFBO (SFBO, 2014).

Er zijn 481 kindercentra in de provincie Fryslân benaderd en zij hebben een vragenlijst per mail of per post toegestuurd gekregen. In totaal zijn er 161 ingevulde vragenlijsten gebruikt voor de data-analyses in dit onderzoek. De professionals zijn leidsters van grote en kleine peuterspeelzalen en kinderdagverblijven in de provincie Fryslân. Alle gemeenten zijn vertegenwoordigd in het onderzoek, alleen de waddeneilanden Ameland en Schiermonnikoog niet. Bijna alle professionals tot drie kwart van de professionals geven aan dat zij (heel erg) bekwaam zijn als het gaat om de vaardigheden Fries verstaan, spreken en lezen. Maar meer dan de helft van de professionals (55.9%) geeft aan (helemaal) niet bekwaam te zijn als het gaat om het Fries schrijven.

### **Onderzoeksresultaten**

Tomke is bekend en herkenbaar. 142 professionals (88.2%) geven aan (zeer) bekend te zijn met het Tomke-project, tegenover 19 professionals (11.8%) die (zeer) onbekend zijn met het project. Uit de analyses blijkt dat op 103 peuterspeelzalen (86.6%) gebruikgemaakt wordt van Tomke-materialen, op 20 van de kinderdagverblijven (64.5%), op alle speelleergroepen en op de helft van de andere instellingen. In totaal maken dus 129 van de 161 professionals gebruik van de Tomke-materialen. Professionals geven aan dat de Tomke-materialen gemakkelijk inzetbaar zijn. De taal is herkenbaar en de materialen zijn leuk, kleurig, mooi, veilig inzetbaar en zowel geschikt voor jongens als voor meisjes in de leeftijd 2-4 jaar.

De materialen die gebruikt worden, zijn de Tomke-boekjes, de inhouden van de vertelkoffers, praatplaten, spelletjes en de Tomke-handpop en -vingerpoppetjes. De materialen worden meestal in groepsverband gebruikt, maar dat kan ook in kleine groepjes of individueel. Daarnaast hebben 75 professionals (46.6%) aangegeven dat er budget is voor het aanschaffen van Friese materialen, 46 (28.6%) hebben hier geen budget voor, en bij 40 (24.8%) is dit niet bekend. Als er wordt ingezoomd op dit item van de vragenlijst (vraag A13) en deze vraag vergeleken wordt met de eerste vraag van de vragenlijst ('U bent werkzaam in de gemeente:...'), dan wordt duidelijk dat het niet te achterhalen is welke gemeente precies geld beschikbaar stelt voor Friese materialen. Er kan geen duidelijke conclusie getrokken worden, de professionals geven namelijk tegenstrijdige antwoorden op deze vraag, waarbij over dezelfde gemeente door sommige professionals wordt aangegeven dat er wel een budget voor Friese materialen is, en door anderen dat dat juist niet het geval is. Het grootste deel van de professionals weet niet precies of er budget is voor het aanschaffen van Friese materialen.

Op de vraag *Hoeveel kinderen van uw groep(en) gebruiken de Friese taal?* geven 113 van de 161 professionals aan dat de helft of meer dan de helft van de groep kinderen op het kindercentrum de Friese taal gebruikt. Niet meer dan 4 professionals geven aan dat zij in de groep kinderen hebben die nooit de Friese taal gebruiken.

Van de 161 deelnemende kindercentra zijn er 30 professionals die aangeven helemaal of geen taalafspraken te hebben gemaakt. 131 professionals geven aan dat er op de instelling waar ze werken wel afspraken zijn gemaakt over het gebruik van het Nederlands, Fries, streektalen of andere talen. De helft van de deelnemende kindercentra (79 van de 161, 49,1%) krijgt begeleiding van het SFBO (Centrum voor Friestalige Kinderopvang) en heeft een certificaat of heeft het traject ingezet voor een Fries- of tweetalig beleid. 75 kindercentra (49.9%) geven aan dat zij geen begeleiding krijgen of niet bekend zijn met het SFBO.

### **Toekomst**

Voor de toekomst geven 144 van de 161 professionals aan dat het belangrijk is dat er Friese materialen (zoals Tomke) ontwikkeld worden. Bijna alle leidsters vinden het belangrijk dat alle kinderen in de provincie Fryslân in aanraking komen met de Friese taal. Er is behoefte aan verschillende materialen: boekjes met grotere platen, handpoppen van alle personages, muziek/liedjes, knutselactiviteiten (kleurplaten/werkbladen) en motoriek-/beweegactiviteiten.

### **Doelstellingen Tomke-projekt**

Tomke bestiet yntusken 17 jier en is in begryp yn de provinsje Fryslân. It doel fan it projekt is (Tomke-Wurkgroep, 2011):

*“Het Tomke-project heeft als doel de Friestalige leescultuur die kinderen in de voor- en vroegschoolse leeftijd omgeeft te bevorderen om uiteindelijk de taalontwikkeling en het leesgedrag van de kinderen te stimuleren, in zowel het Frysk als het Nederlands” (p. 4).*

Ien fan de belangrykste opdrachten foar it Tomke-projekt is it ûntwikkeljen en oanbieden fan Frysktalich materiaal dat yn in twatalige (Frysk- en Nederlânsktalige) ier- en foarskoalske omjouwing brûkt wurde kin. De ôfrûne jierren binne der in protte ferskillende materialen makke oer it identifikaasjefiguerke Tomke. Der wurde boppedat net allinne materialen en aktiviteiten ûntwikkele dy't allinne foar jonge bern bedoeld binne, ek âlden en liedsters wurde op alderhanne wizen ynformearre oer hoe't Tomke it bêste ynsetten wurde kin. It Tomke-oanbod is ferspraat oer it hiele jier, om op dy wize goed oanslute te kinnen by de aktualiteit en lanlike aktiviteiten oangeande taalûntwikkeling (Nasjonale Foarlêsdagen, Berneboekewike, ensfh.), en by de lanlike VVE-metoaden dy't yn de bernsintra brûkt wurde.

### **Oanlieding ta ûndersyk**

De wurkgroep KAG-Foarskoalsk (Koördinaasje- en Advysgroep Frysk Ier- en Foarskoalske Edukaasje) jout oan dat Fryske edukative materialen, lykas yn it Tomke-projekt, ûnmisber binne foar de útfiering fan in taalbelied dat rjochte is op in twa- of meartalige ûntwikkeling.

Ut de provinsjale beliedsnotysjes 'Boppeslach' (Provinsje Fryslân, 2006) en 'Grinzen oer' (Provinsje Fryslân, 2012) blykt dat de provinsje Fryslân it wichtich fynt dat jonge bern, harren âlden en liedsters fan bernsintra yn oanrekkning komme kinne mei de Fryske taal en dat dy doelstelling ûnder oaren troch it Tomke-projekt helle wurdt.

Kontinuearring fan it projekt is wichtich en it Tomke-projekt wurdt finansiere troch de provinsje Fryslân, mar guon Tomke-aktiviteiten wurde op basis fan de ûnderwiisnota Boppeslach finansiere. Mei yngong fan 2016 hâldt dy provinsjale finansiering foar in part op en sille der oare manieren fûn wurde moatte om jild te krijen foar de hjirfoar bedoelde aktiviteiten fan it projekt.

Ut de KAG-Foarskoalsk en de Tomke-wurkgroep kaam dêrom de fraach nei in ynventarisaaasjeûndersyk oer it brûken fan Tomke, mei as doel te achterheljen watfoar oanfoljend materiaal noch ferlet fan is en op hokker wize oft dat tafoege wurde kinne soe oan it Tomke-projekt (De Boer & Hoekstra, 2012).

Yn it ûndersyk is de neikommende ûndersyksfraach formulearre:

*Op hokker wize wurdt Tomke ynsetten yn 'e bernsintra yn de provinsje Fryslân en wêr is foar de takomst noch ferlet fan?*

Op grûn fan dy sintrale ûndersyksfraach binne ferskillende dielfragen opsteld:

*Hokker doelgroep makket (it measte) gebrûk fan Tomke-materialen?*

*Hokker oanbod fan Tomke-materialen wurdt brûkt yn de bernsintra?*

*Hoe wurde de Tomke-materialen ynsetten yn bernsintra troch professionals?*

*Wêrom wurdt it Tomke-materiaal brûkt yn 'e bernsintra?*

*Wêr is noch ferlet fan yn de takomst?*

### **Undersykgroep**

Yn novimber 2013 steane yn de provinsje Fryslân 203 pjutteboartersplakken en 209 bernedeiferbliuwen registrearre by it Landelijk Register Kinderopvang en Peuterspeelzalen (LRKP) (Ryksoerheid, 2013a). Yn totaal binne der 412 registrearre bernsintra yn 'e provinsje Fryslân. Dêrfan binne sa'n 150 Frysktalige en/of twatalige oansletten en sertifisearre by it SFBO (SFBO, 2014).

Der binne 481 bernsintra yn de provinsje Fryslân benadere en dy hawwe fia de mail of oer de post in fragelist tastjoerd krigen. Yn totaal binne der 161 ynfolde fragelisten brûkt foar de data-analyses yn it ûndersyk. De professionals binne liedsters fan grutte en lytse pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen yn de provinsje Fryslân. Alle gemeenten binne fertsjinwurdige yn it ûndersyk, allinnich de waadeilannen it Amelân en Skiermûntseach net. Hast alle professionals oant trije kwart fan de professionals jouwe oan dat sy (hiel) bekwaam binne as it giet om de feardichheden Frysk ferstean, prate en lêze. Mar mear as de helte fan de professionals (55.9%) jout oan (hielendal) net bekwaam te wêzen as it giet om it Frysk skriuwen.

### **Undersyksresultaten**

Tomke is bekend en werkenber. 142 professionals (88.2%) jouwe oan (hiel) bekend te wêzen mei it Tomke-projekt, tsjinoer 19 professionals (11.8%) dy't (hiel) ûnbekend binne mei it projekt. Ut de analyses blykt dat op 103 pjutteboartersplakken (86.6%) gebrûk makke wurdt fan Tomke-materialen, op 20 fan de bernedeiferbliuwen (64.5%), op alle speelleargroepen en op de helte fan de oare ynstellings. Yn totaal meitsje dus 129 fan de 161 professionals gebrûk fan de Tomke-materialen. Professionals jouwe oan dat de Tomke-materialen maklik ynsetber binne. De taal is werkenber en de materialen binne leuk, kleurich, moai, feilich te brûken, en sawol geskikt foar jonges as foar famkes yn de leeftyd 2-4 jier.

De materialen dy't brûkt wurde, binne Tomke-boekjes, de ynhâlden fan de fertelkoffers, praatplaten, spultsjes, en de Tomke-hânpop en -fingerpopkes. De materialen wurde meastal yn groepsferbân brûkt, mar dat kin ek yn lytse groepkes of yndividueel.

Dêrneist hawwe 75 professionals (46.6%) oanjûn dat der budzjet is foar it oanskaffen fan Fryske materialen, 46 (28.6%) hawwe dêr gjin budzjet foar, en by 40 (24.8%) is dat net bekend. As dat item fan de fragelist (fraach A13) neier besjoen wurdt en dy fraach fergelike wurdt mei de earste fraach fan de fragelist ('U bent werkzaam in de gemeente:...'), dan wurdt dúdlik dat it net te achterheljen is hokker gemeente oft presys jild beskikber stelt foar Fryske materialen. Der kin gjin dúdlike konklúzje lutsen wurde, want de professionals jouwe tsjinstridige antwurden op dy fraach, wêrby't oer deselde gemeente troch guon professionals oanjûn wurdt dat dêr wol budzjet foar Fryske materialen is, en troch oaren dat dat just net sa is. It grutste diel fan de professionals wit net presys oft der budzjet is foar it oanskaffen fan Fryske materialen.

Op de fraach *Hoeveel kinderen van uw groep(en) gebruiken de Friese taal?* jouwe 113 fan de 161 professionals oan dat de helte of mear as de helte fan de groep bern op it bernsintrum de Fryske taal brûkt. Net mear as 4 professionals jouwe oan dat sy bern yn de groep hawwe dy't noait de Fryske taal brûke.

Fan de 161 dielnimmende bernsintra litte 30 professionals witte dat se hielendal of gjin taalôfspraken makke hawwe. 131 professionals jouwe oan dat der op de ynstelling dêr't se wurkje wol ôfspraken makke binne oer it gebrûk fan it Nederlânsk, Frysk, streektalen of oare talen. De helte fan de dielnimmende bernsintra (79 fan de 161, 49.1%) kriget begelieding fan it SFBO en hat in sertifikaat of hat it trajekt ynsetten foar in Frysk- of twatalich belied. 75 bernsintra (49.9%) jouwe oan dat sy gjin begelieding krije of net bekend binne mei it SFBO.

### **Takomst**

Foar de takomst jouwe 144 fan de 161 professionals oan dat it belangryk is dat der Fryske materialen (lykas Tomke) ûntwikkele wurde. Hast alle liedsters fine it belangryk dat alle bern yn de provinsje Fryslân yn oanrekkning komme mei de Fryske taal. Der is ferlet fan ferskillende materialen: boekjes mei gruttere platen, hânpoppen fan alle personaazjes, muzyk/ferskes, knutselaktiviteiten (kleurplaten/wurkblêden) en motoryk-/beweechaktiviteiten.